

Yn it spoar fan Hieke

'Nou jongens, dominee gaat weg...'

Njonken it dekstasjon fan Kerst Koopmans wenne Rintsje Scholtanus, Rintsje-His, heit en mem van Albert, Jelte en Jehannes.

Doe't Albert út Yndië werom kaam stie der in earepoarte by de dyk mei 'Welkom Thuis'. Melodia spile dat it klapte. 'Holland Jubelt' wie yn dy dagen it standert repertoire, fleurich en hurry-up en as it wat 'gedragen' wêze moast waard der oerskeakele op 'Het Ruw Houten Kruis' en 'Boven de sterren'. Ik wit dat noch út de tiid dat ik in blaumoandei by it korps wie. Dat wie gjin sukses.

Doe't Albert mei syn âlden yn de doar stie hie net elkenien fan it korps in kniper op 'e hoarn om de muzyk mei fêst te hâlden. Wy wienen fan dy snotjonges, sprongen fuortdaliks by en hâlden de partituur fêst. It doel wie twaledich, want behalve dat wy de blazers skewielden mochten wy letter ek mei yn de hûs om ranja en in stikje gebak....

Jelte is letter boer wurden op it spultsje fan Jehannes Schaafsma, op Vinkebuorren, Albert waard poatebekapper by syn skoanheit Jehannes de Vlucht en Jehannes gie nei De Jouwer. Albert en Jehannes wienen warber by DTG en ha hiel lang kuorbalskiedsrjochter west. Net eat om nei út te sjen, wit ik út eigen ûnderfining. Sjoch, yn de kuorballerij tilt it op fan skoalmasters en dy witte it aloan better. Ik krige les fan Hylke van der Molen fan Ljouwert, in markante arbiter, dy't hoe dan ek yn in marineblau kolbertjaske-mei-KNKV-embleem op it fjild ferkynde, by de series fan DTG steefêst de finale foar syn rekken naam – it bestjoer doarst it amper oan en wiis in oar oan – en as útgongspunt hie ; 'Werst ek bist, dyn fluitsje moat sa skerp wêze dat se dy yn Himpens hearre kinne.'

It die al ridlik gau bliken dat ek dit blazen net myn 'ding' wie. Ik ha letter noch foar in sek puikbeste borgers in pear wedstriden fluite foar MNenW fan Hijum, mar doe wie it fini. Derfandinne dat ik grut respekt hie foar mannen as Albert en Jehannes Scholtanus.

De oare helte fan it hûs wie foar Jan Santema.

Dernjonken stie de pastorie fan de griffermearde tsjerke. Fan de dûmnys kin ik my noch hiel faach ds. De Boer herinnerje. Us heit wie mei ús mem oergongen nei de tsjerke yn de buorren, mar doe't hy siik yn de keamer kaam te lizzen, kaam ds. De Boer elke wike lâns. Dat makke djippe yndruk op ús mem.

De dûmny dy't dat ek die wie Alting. Sneon-te-jûns as de stamtafel goed beset wie mei jongfolk, foel it tsjin alven even stil want dan kaam ds. Alting binnen. Hy hie de preek foar de snein klear, sin oan in slokje en ferlet fan in pakje sigretten. Alting sette him oan de taap, gie in petear oan mei ús mem en syn gemeente fan dat momint woe elk wurd opfange.

Nei in heal oerke, sette hy op hûs oan mei de meidieling: 'Nou jongens, jullie kunnen je gang weer gaan, want dominee gaat weg...'

